

# Piter

ik hie wolris freondintsjes, mar dat rekke samar út	E7	Bm	A
ik ha mar amper fan de leafde preaun	Bm	Bm7	
mar Piter seit altyd: ferkearing dat is neat	Bm	A	
en Piter is myn bêste freon	D	A	E7

Piter rint altyd yn hiel aparte klean  
de lju fine dat mar nuver en oerdreaun  
mar ik fyn dat wol moai, ik mei it hiel graach sjen  
want Piter is myn bêste freon

lêsten luts in keardel my samar fan de fyts  
en hat my yn dy smoarge opfeart treaun  
mar Piter dy waard lulk en sloech him foar de kop  
ja, Piter is myn bêste freon

yn 'e hûs ha ik my wosken, ik wie ôfgryslík kâld  
en Piter hat my doe wer waarm wreaun  
wy sieten noch in skoft hiel noflik op 'e bank  
want Piter is myn bêste freon

Ruurd seit: Piter is fan de ferkearde kant  
en ús heit dy sei dat ek al ferline sneon  
mare lit se mar rabje, ik lûk my der neat fan oan  
want Piter is myn bêste freon!

© Doede Veeman  
op de wize fan "P stands for Paddy, I suppose"